

# Hantlieding

## Oarloch yn 'e klasse



Wat moai dat jim mei it projekt 'Oarloch yn 'e klasse' oan 'e slach sille. Yn dizze hantlieding fynst de opset fan it projekt en per útstjoering in oersjoch fan de ynhâld fan de lessen.

### Algemien

De útstjoeringen fan Tsjil Tsjekt 'Oarloch yn 'e klasse' binne hieltyd it begjinpunt fan de les. Nei oanlieding fan de útstjoering kinne de learlingen oan 'e slach mei de opdrachtkaarten.

Alle materialen dy't nedich binne foar de útfiering fan de lessen yn it projekt, binne te finen op de webside:

[oarlochyneklasse.frl](http://oarlochyneklasse.frl)

Yn de 'Oarloch yn 'e klasse'-boks, dy't heart by it projekt, binne de opdrachtkaarten en materialen fysyk te finen.



De opdrachtkaarten befetsje 4 opdrachten dy't passe by it tema fan de útstjoeringen. Op alle kaarten is de opbou fan de opdrachten itselde:


- A. Yn petear** – in filosofysk petear
- B. By in boarne** – op ûntdekking by in boarne út 'e oarloch
- C. Yn 'e omjouwing** – ûndersykje hoe't it yn de oarloch wie yn jim eigen omjouwing
- D. En no?** – in link lizze mei de tiid fan no

Kinst alle opdrachten op de kaart dwaan, mar kinst ek per opdrachtkaart besjen watfoar opdrachten it meast passend binne foar dyn groep en dan in kar meitsje út 'e opdrachten.

By guon opdrachten moatte de learlingen wat opskriuwe. Dat kin op in los bledsje of yn in eigen skrift. De oantekeningen wurde faak brûkt foar in petear. Der kin ek foar keazen wurde om de befiningen per opdracht yn in muorrekrante te ferwurkjen om de befiningen wat langer te bewarjen.

Op 'e webside steane per opdrachtkaart ek links nei websiden dy't ekstra ynformaasje jouwe oer de ûnderwerpen fan de opdrachten.

Besjoch per opdrachtkaart oft it nedich is om kopyen fan it materiaal te meitsjen, bygelyks omdat de learlingen yn groepkes mei-inoar oan 'e slach geane.



## Per les

Besjoch útstjoering 1 fan 'Tsjil Tsjekt – Oarloch yn 'e klasse'.

### Opdrachtkaart 1:

Mobilisaasje en ynfal – 1940-1941

#### A. Yn petear

By opdracht A geane de learlingen mei-inoar yn petear oan 'e hân fan filosofyske fragen. De fragen hawwe net ta doel om in goed antwurd te finen, mar dat de learlingen neitinke en yn petear gean oer it ûnderwerp fan de útstjoering.

By dizze útstjoering giet it oer: 'Wat soesto ferdigenje?' De learlingen prate oer de fragen op de opdrachtkaart. It oantal fragen wurdt bepaald troch de learkrêft. De fragen binne te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (1A).

Belangryk yn in filosofysk petear: Jou de bern tinktiid. Lit se op elkoar reagearje. Freegje troch nei it argumint achter it antwurd. Bliuw net hingjen yn persoanlike antwurden. Jou sels gjin miening. Besef dat der gjin goed of fout antwurd is.

Fragen om troch te freegjen binne bygelyks:

- Ophelderingsfragen: Kinst dat útlizze? Wat bedoelst mei...? Is dit watst sizze wolst?
- Bewiisfragen: Wêrom tinkst dat? Kinst dat oantoane? Kinst in foarbyld jaan?
- Tsjinoerstelde fragen: Is dat altyd sa? Wa tinkt wat oars? Kin it tsjinoerstelde wier wêze? Stel dy foar dat... Wat as ...?
- Boufragen: Jildt dat dan ek foar ...? Betsjut dat...? Ja en ...? Wa kin dêr op trochgean?

As in stelling of fraach foldwaande bepraten is, freegje dan: Hoe gie it petear? Bist wizer wurden? Tinkst no oars? Wat wie dyn ynbring? Jou in gearfetting fan de antwurden en slút it petear ôf.



#### B. By in boarne

Learlingen lêze in krante-artikel út it Twintsk deiblêd 'Tubantia' fan 24 maaie 1940, oer de striid by de Ôfslútdyk. It krante-artikel (in ôfdruk dêrfan) is te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (1B).

#### C. Yn 'e omjouwing

Learlingen dogge ûndersyk nei hoe't minsken de Dútsers yn eigen omjouwing besochten op te kearen. It kaartsje fan de opmars fan de Dútsers yn Fryslân is te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en op de webside. (1C) Op de webside steane ek suggestjes foar digitale boarnen.

#### D. En no?

Learlingen dogge ûndersyk: Hoe goed binne minsken no taret op needsituaasjes? In link nei de tsjeklist fan it Reade Krús foar it meitsjen fan in needpakket is te finen op de webside.



Besjoch útstjoering 2 fan 'Tsjil Tsjekt – Oarloch yn 'e klasse'.

## Opdrachtkaart 2:

Loftoarloch en deistich libben – 1941-1942

### A. Yn petear

In petear oer: 'Gearwurkje mei de fijân of net?' De fraach wurdt bepaald troch it mikken fan bygelyks in muntsje of blokje op de poster. Tips foar in filosofysk petear steane yn dizze hantlieding by opdracht A fan kaart 1. It oantal fragen kin bepaald wurde troch de learkrêft. De poster is te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (2A).

### B. By in boarne

De learlingen besjogge in trochsneed fan in AVRO Lancaster út 1942, in gefjochtsfleantúch fan it Ingelske Royal Air Force (RAF). De leginda by de trochsneed is yn it Ingelsk. De trochsneed fan de Lancaster is as poster te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (2B).



### C. Yn 'e omjouwing

De learlingen dogge ûndersyk nei delstoarten gefjochtsfleantugen yn de eigen omjouwing. Suggestjes foar digitale boarnen binne te finen op de webside.

### D. En no?

In petear oer de Keninklike Loftmacht en grutte ynternasjonale oefeningen fan no. Digitale boarnen dy't brûkt wurde kinne, binne te finen op de webside.

Besjoch útstjoering 3 fan 'Tsjil Tsjekt – Oarloch yn 'e klasse'.

## Opdrachtkaart 3:

Joadeferfolging – 1942-1943

### A. Yn petear

In petear oer: 'Moatst dy altyd oan 'e regels hâlde?' De fragen steane op kaartsjes. It petear kin yn groepkes of klassikaal. Tips foar in filosofysk petear steane by opdracht A fan kaart 1. De ôfbylding fan in buordsje 'Voor Joden verboden' kin ta yllustraasje toand wurde op it digiboerd. De fragekaartsjes binne te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (3A).

### B. By in boarne

De learlingen lêze fragminten út it deiboek fan Goffe Miedema fan Ljouwert. De fragminten út it deiboek binne yn in dokumint te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (3B).

### C. Yn 'e omjouwing

De learlingen dogge ûndersyk nei Stroffelstiennen yn 'e eigen omjouwing. Suggestjes foar digitale boarnen binne te finen op de webside.

### D. En no?

De learlingen prate oer foaroadielen, meitsje in muorre fan foaroadielen én brekke dy ôf. De beskriuwing stiet op opdrachtkaart 3. Let op, dit petear kin spannend wêze foar guon learlingen! Nedich: doarzen, read en grien papier, stiften.



Besjoch útstjoering 4 fan 'Tsjil Tsjekt – Oarloch yn 'e klasse'.

## Opdrachtkaart 4:

Ferset – 1943-1944

### A. Yn petear

In petear oer: 'Wat is wierheid en wat is wiisheid?' Der steane stellingen op kaartsjes. Learlingen kieze yndividueel foar 'mei iens' of 'net mei iens'. Gjin goed of fout, it giet om it petear, mieningen kinne feroarje. Tips foar in filosofysk petear steane by opdracht A fan kaart 1. De kaartsjes binne te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (4A).

### B. By in boarne

De learlingen besjogge de persoansbewizen fan Haitze Wiersma en meitsje foar harrensels in falsk persoansbewiis. De ôfbylding mei de persoansbewizen en it ynfolblêd foar it falske persoansbewiis binne te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (4B).



### C. Yn 'e omjouwing

De learlingen dogge ûndersyk nei ferset en fersetsmonuminten yn de eigen omjouwing. Suggestjes foar digitale boarnen binne te finen op de webside.

### D. En no?

In petear oer nepnijs mei de kwis fan Schooltv by de útstjoering 'Wat weet jij over nepnieuws?'. Link nei it Schooltv-filmke en de kwis is te finen op de webside.

Besjoch útstjoering 5 fan 'Tsjil Tsjekt – Oarloch yn 'e klasse'.

## Opdrachtkaart 5:

Ferset en befriijing – 1944-1945

### A. Yn petear

In petear oer: Wat is frijheid? Learlingen prate yn groepkes oer fragen dy't op A4-kes steane. Ien fraach/ien A4 per groepke. Tips foar in filosofysk petear steane by opdracht A fan kaart 1. De learkrêft bepaalt watfoar fragen oft brûkt wurde en hoefolle. De A4-kes mei fragen binne te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (5A).

### B. By in boarne

De learlingen besjogge in list fan de wapendroppings yn Fryslân en besjogge de filmkes oer Piet Veeninga dy't by de droppings belutsen wie. De list mei wapendroppings is te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en as pdf op de webside (5B). Op de webside binne de fragminten oer Piet Veeninga út it programma '60 jaar na dato' fan RTV Drenthe te finen.

### C. Yn 'e omjouwing

De learlingen dogge ûndersyk nei de befriijing yn it eigen wenplak. Suggestjes foar digitale boarnen binne te finen op de webside.

### D. En no?

De learlingen geane yn petear oer de wearde fan betinken en fieren. Se skriuwe in gedicht. In stappeplan foar skriuwen fan in gedicht is te finen yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en op de webside (5D).

